

Subtyl in webke weve

F20 10-3-'12

Roman

troch Jaap Krol

Oan Ale van der Meer falt net safolle op te merken. Hy is troud mei Frouk, hat in soan en in dochter, wurdt ynkoarten foar it earst pake en is foarman by de gemeentewurken. Syn grutste hobby is fiskje yn syn lytse skou – al docht er it stikum sûnder heakje, om't er it silich fynt foar de fisken. Soms, as er allinnich op in terraske sit, sjocht er wolris ferlekkere nei de jonge servearster; soms fynt er it lestich om minsken dy't er net sa lije mei te groetsjen, mar dy saken binne dan ek de iennige

dy't op him oan te merken binne. By de gemeentewurken wurket Ale mei manlju as Anton (fan de strjitteploech), Wybren en Joop (fan de tún-ploech) en Frits (in fakânsjekrêft), mar wa't de mannen better bestudearret, wit dat 'wurkjen' in wat mispleatste term is. In pealtsje yn de grûn slaan en in stoepke betegelje, dat is sa'n bytsje de opringst fan ien dei. Dêrnei wachtsje it fiskjen, de frou, it pilske en it bankje yn 'e tún, dy't wer yn it net al te grutte doarp leit. Koartsein: Ale is bêst wol tefreden. Is hy net de man dy't wy allegear graach wêze wolle?

De gewoanste man is it twadde proazaboek fan Hidde Boersma, dy't earder *Fol túch de mist yn* (2010) skreau en de dichtbondel *De rop om Doede* (2008). Yn syn boeken lit

Boersma fertelt wolris mei de hân tefolle op de rem

Boersma him sjen as in grut propagandist fan it ienfâldige libben: it libben sûnder haast, sûnder stribjen nei gruttere

winst en sûnder oerstallige lúkse.

Dy wize fan beskriuwen hat twa kanten. Oan 'e iene kant hoege jo konflikten net ta wat ferhevens te meitsjen of lêzers dêr yngeand mei te konfrontearjen. Oan 'e oare kant begjint in grize mûs as Ale (of Frits) soms al wat saai te wurden, hielendal yn wurkferbân. Boersma fertelt de belibbenissen fan syn haadpersoanen yn al syn details sa wolris mei de hân tefolle op de rem, alles om mar net út de bocht te fleanen. Mar is dat no net wat literatuer altyd docht c.q. dwaan moat?

Dochs wit Boersma in waar-

me en oprjochte sfear yn it boek te kreëarjen. Benammen oan 'e ein, as de plichtmjittige wurkwike dien is, komme de lytse besognes fan al dizze gewoane minsken goed foar de fuotljochten. As literêr portrettist wit de skriuwer de triedden hiel subtyl ta in webke te weven en sa fan *De gewoanste man* in echt feel-good book te meitsjen.

i *De gewoanste man*. Hidde Boersma, Friesje Pers Boekery, 17,50 euro

